

Miede, Miedum, Miedema; Nei oanlieding fan Wiebe Piers (Kûbaard 1721 - Wommels 1780)

(Eerder verschenen in *Klaaikluten* 2003/3:24-29)


Jelle Miedema

De namme Miedema waard meast pas yn 1811/12 as famyljenamme oannommen – as regel troch boeren of harren neiteam wenjend op of ôfkomstich fan mieden. Mar al yn 1762 fine we yn Wommels in boer mei de tanamme Miedema (gjin famylje fan de auteur). Hy komt net foar yn it Miedema-Boek fan W.Tsj. Vleer (1956), reden temear om nei te gean wer't hy wei kaam. We sille útkomme by in buorkerij op Miedum ûnder Tsjom – en sa, yn it jier fan de buorkerij, nei goed 250 jier in ûnbekende boerefamylje thúsbringe. 'Thús' is hjir in wurd mei net allinnich in geografysk aspekt.

Dwaande mei it Stroek yn Wommels (sjoch *Klaaikluten* 2002, 2003), kaam ik op de âlde pastoriepleats stim 41 neist Stroek foar it jier 1762 in Wiebe Piers tsjin mei de tanamme Miedema:

'By Wiebe Piers Miedema ingehuurt voor een jaerlykse huur tot Petri en May 1766 van 95 car. gls. 17 strs. 2. penn.' (Billet van Verkopinge, 1762)

De doopboeken fan Wommels litte sjen dat Wiebe Piers trouw wie mei in Jantje Jans. Hja krije yn Wommels twa bern: Pier, doopt 17.10.1751 (mei de oantekening 'overleden') en Jan, berne/doopt 8/17.12.1752. Wiebe en Jantje wiene ôfkomstich fan Tsjom (attestaasje oerskreaun 1751), wêr't hja yn septimber 1750 trouwe as Wiebe Piers Miedema en Jantje Jans Postma – beiden mei tanamme. Hjirmei is dúdlik dat Wiebe Piers him al yn 1750 Miedema neamde (1).



1750
Wybe Piers Miedema en
Jantje Jans Postma beide
te saam geproclamt den
1: Sept 15 gbr 1750

Yn Tsjom komme we yn de perioade 1720-1730 net in Pier tsjin dy 't in soan Wiebe (of Wibe/Wybe/Wijbbe) dope lit. Wol fine we dêr in Akke Piers, trouw Tsjom 15.12.1745 mei Wybe Ypes mr. timmerman, en neffens Vleer neamde dizze Akke Piers har ek Miedema (Vleer 1956: 37). Fan it lêste ha ik gjin bewiis fûn, mar harren soan Ype stiet letter te boek as Ype Wybes Miedema. Mar earst mear oer Wiebe Piers' twadde soan Jan.

Op 5.9.1779 trouwe te Wommels Jan Wiebes en Froukjen Steffens, beiden sûnder tanamme. Hja wenje earst yn Eksmoarre en letter te Wûns. Dêr stjerdt op 24.8.1814 Froukjen Steffens Elgersma, âld 58 jier, boerinne, berne te Skraard, 'zijnde gehuwd geweest met Jan Wiebes, boer wonende te Wons, zonder kinderen na te laten'. Njoggen jier letter (27.9.1823) stjerdt te Wûns Jan Wiebes Miedema, âld 71 jier, sûnder berop, berne te Wommels, soan fan Wybe Piers en Jantje Jans en trouw west mei Martzen Ruurds Weidema. Jan Wiebes moat dus tusken 1815 en 1823 op 'e nij trouw west ha. En yndied, op 15.7.1820 trout te Wûns Jan Wiebes Miedema, 67 jier âld, mei Martzen Ruurds Weidema, 'jongedochter oud 37 jaar'.

Yn de houliksbilagen fan 1820 wurdt Jan Wiebes Miedema neamd as widner fan Froukjen Steffens Elgersma. En ek wer as soan fan Wiebe Piers, *stoarn Wommels 1780*, en Jantje Jans, *stoarn Wommels 1795*. Mar dêr bliuwt it net by. Ek de pakes en beppes wurde neamd en fan Jan Wiebes binne dat oan heitekant:

Pier Wiebes, stoarn Kûbaard 1733 [1724, folget] en Maaïke Gerrits [Jans, folget] stoarn Kûbaard 1754.

Dat it Maaïke *Jans* wêze moat, blykt út de houliksproklamaasje yn Frensjerteradiel. Op 21 jan. 1714 trout te Kûbaard 'Pier Wijbjes', mr. timmerman te Kûbaard, mei 'Maejcke Jans' fan Winaam. Dochs is de namme Gerrit net únbelangryk (folget).

Yn Kûbaard krije Pier Wiebes en Maaïke Jans twa bern: Wybe, doopt 9.3.1721 en Akke, doopt 30.4.1724. Dit makket oannimlik dat de bertegrûn fan Wiebe Piers fan Wommels–Tsjom en Akke Piers fan Tsjom yn Kûbaard lei én dat hja folle broer en suster wienen. De doopakte fan Akke jout noch wat mear gegevens:

'Den 30^e April [1724] heeft Maijke Jans wed. van Pier Wijbes, mr. timmerman in leven geweest zijnde, na de doot van haar man door Piebe Jentjes laten dopen een dogtertje Akke' (doopakte Kûbaard 1724)

Yn Kûbaard fine we ferfolgens in Eelke Tiepkes as kurator (1708) oer Pier, Frouck en Andries Wiebes, neilitten bern fan Wijbe Andries en Hiske Piers (Autorisaasjeboeken Hennaarderadiel, akte 258). It giet hjir om 'Wijbe Andries Sloten', dy 't te Kûbaard dope lit (de mem wurdt net neamd): Pier, 21.11.1686, Andries en Vroukien, 2.2.1690 en wer in Andries, 4.12.1692. Dizze Andries Wiebes is letter timmerman te Achlum.

Opfallend, neist de tanamme Sloten, is hjir it berop fan timmerman. Patronym, tiid, berop, berte-en/of wenplak binne sterke oanwizings dat Wiebe Piers fan Wommels–Tsjom, earder dus fan Kûbaard, in pakesizzer is fan Wybe Andries Sloten en Hiske Piers. Boppedat wize ek de nammen 'Piebe Jentjes' en 'Eelke Tiepkes' (sjoch boppe) yn dy rjochting. Yn 1691 is Eelcke Tiepkes, boer te Kûbaard, kurator oer Pybe Jenties en yn dy akte wurde as âlden fan Pybe Jenties neamd:

'R: [requirant, Pybe Jenties] mede voor zijn zusters; moeders voorkinderen', soan fan s. Jentie Pybes en s. Acke Anskes, 'in tijden echte lieden te Wynaldum' (Aut. Barradiel, folio 65, 20 jan 1691).

Neist Maaïke Jans (mei ien bern, Akke) komt dus no ek Pybes Jenties (doophâlder fan dy Akke) fan Winaam. En de mem fan Pybe Jenties is ek in Akke. Ien en oer soe betsjutte kinne dat de Akke Anskes út de akte fan 1691 de mem wie fan sawol Pybe Jenties as Maaïke Jans; ommers, Pybe en syn susters wienen har *foarbern*. Ik gean no earst fierder mei Maaïke Jans, de mem fan Wiebe Piers fan Wommels–Tsjom–Kûbaard.

Nimme we oan dat Maaïke Jans om 1690 hinne berne is (se troude yn 1714), dan ha we yn Winaam en omkriten ferskillende opsjes. Dêrfan is ien fierút de bêste: Maaïke, dochter fan Jan Johannes (de mem wurdt net neamd), doopt 28.6.1689 te Winaam, dêr fjouwer dagen earder berne 'op de pastorieplaats'. Dy Jan Johannes lit foar safier bekend yn Winaam ien bern dope en dat betsjut yn dit gefal dat syn frou jong stoarn is. Jan Johannes wie yn 1715 widner (lidmatenboeken Winaam), mar we sille noch sjen dat Maaïkes mem al yn 1691 wei wie.

Ut de tsjerke- en autorisaasjeboeken fan Kûbaard en Tsjom kin mear opmakke wurde:


- op 10.12.1669 trout Jentje Pybes fan Tsjom mei Akke Anskes fan Kûbaard en hja krije yn Tsjom fjouwer bern, werûnder yn 1670 as earste Pybe (dêrnei komme der noch trije famkes en letter, yn Winaam, noch in famke),
- op 1.11.1685 fine we Eeltie Tiepkes, dan fan Spannum, en Anskje Anskes as lidmaten te Tsjom (hja wennen earst yn Wiuwert, dernei te Kûbaard),
- yn 1691 is Eelcke/Eeltie Tiepkes kurator oer Pybe Jenties; Jentie Pybes en Akke Anskes wiene doe beide al wei.

En no komt der tekening yn de saak:

- Akke Anskes (x 1^e Jentie Pybes) en Anskje Anskes (x Eeltie Tjepkes) wiene susters,
- Akke Anskes (mei as *foarbern* 'Pybe Jenties en syne susteren') troude 2^e, kinne we oannimme, Jan Johannes fan Winaam (mei út dat houlik Maaïke).

Koartsein, Pybe Jenties en Maaïke Jans wiene healbroer en -suster.

Fig. 2: Ramtgenealogy Miedema's fan Kûbaard-Tsjom, Wommels en Wûns



We witte no al mei al noch net werom't Wiebe Piers fan Wommels/Tsjom/Kûbaard him Miedema neamde, mar wol al dat (a) de mem fan Wiebe (Maaike Jans) al jong widdo waard en (b) Wiebe en syn suster Akke beide by harren houlik te Tsjom wennen. Dit makket oannimlik dat Maaike Jans op 'e nij troude en mei har bern Wiebe en Akke yn Tsjom te wenjen kaam. En dat wie ek it gefal: op 19 maaie 1726 wurdt yn de Herf. Gemeente fan Kûbaard net allinnich it houlik befêstige tusken Gerrit Alberts fan Kûbaard en Maaike Jans 'wed. Pier Wijbes', ek wenje Gerrit en Maaike letter te Tsjom. Hja wurde dêr as lidmaten neamd yn 1726 en 1729, mei de oantekening 'zij overl. 1735'. Fierder jout it lidmatenboek fan Tsjom as harren wenplak 'Miedum' (ûnder Tsjom) en yndied fine we dêr Gerrit Alberts yn 1728 as pachtboer op stim 48 (Quotisaasjekohier Frenstjerteradiel), (2). Te Tsjom krijt Maaike Jans by Gerrit Alberts noch twa bern: Albert, doopt 7.9.1727 en Jan, doopt 19.8.1731 en it gefal wol dat in dochter fan Jan (fan Albert is my fierder neat bekend) har ek Miedema neamde (3).

En no mei ek dúdlik wêze wêrom Wiebe Piers de namme Miedema oannaam:

- syn mem Maaike Jans troude op 'e nij mei Gerrit Alberts, boer op Miedum ûnder Tsjom,
- Wiebe Piers, berne te Kûbaard, neamde him Miedema nei de buorskip of pleats Miedum wêr 't hy hikke en tein wie.

Dúdlik is hjir sprake fan sawol in geografysk as sosiaal aspekt: 'Miedum' en 'Miedema' as bân tusken broer, suster en healbroer. Lykwols, dat ferklearret noch net werom't Wiebe Piers him al yn 1750 Miedema neamt. Ik tink dan ek dat yn syn gefal mear faktoaren in rol spilen:

- As soan fan in timmerman (en sels net berne op in miede) koe Wiebe Piers mei de namme 'Miedema' in boerekomôf oanjaan. Oars sein, faaks koe hy by syn trouwen yn 1750 de namme Miedema wol brûke omdat hy, lyk as syn styfheit, boer wurde woe (ommers: sa blykt yn 1751, direkt nei syn houlik).
- In oar punt is dat Wiebe Piers him hjir as *earste* Miedema neamde. No wie hy fan syn geneaasje wol de âldste, mar dat is as ferklearring net genoch. It punt is dat op it plattelân yn

Fryslân fóar 1811 troch sawol einierde boeren as ‘gegoede’ pachtboeren faakris pas in skaainamme oannommen waard as hja *net mear* op it plak fan ôfkomst wennen (4).

- Yn dat ferbân: Wiebe Piers is net allinnich de earste (fan syn generaasje) dy ’t him búten Miedum festige, hy stiet yn 1749 ek te boek as ‘welgesteld frijgesel’ (sjoch ek noat 2). Dêrby komt dan noch dat ek syn oanstearde (Jantsje Jans) by harren houlik yn 1750 in tanamme hie.

Koartom, Wiebe Piers kin yn 1750 meardere redenen hân ha om him Miedema te neamen. Ta beslút, meí yn it kader fan it jier fan de buorkerij, noch dit. Yn ferrin fan tiid is faakris in pleats, doarp of gemeente ‘ferdwûn’. Sa is de pleats op it plak wêr ’t Wiebe Piers buorke om 1970 hinne ôfbrûtsen (no leit dêr in nijbouwyk); is fan de tsjerke fan Miedum ûnder Ljouwert allinnich de toer oerbleaun (it eardere doarpke waard in buorskip), en hite Baarderadiel en Hinnaarderadiel no Littenseradiel. Mar soms stekt in net mear besteande pleats de kop wer op en dêrfan hat it buorrentsje Stroek te Wommels mei dit stikje no twa foarbylden oplevere. Blied earder dat de namme Stroek ôflaat is fan in eartiidse buorkerij dêr, neamd Struijck, yn 1656 neamd as hoarnleger (J. Miedema 2002, 2003), dit stikje lit sjen dat op de âlde pastorijspleats dêr (nei 1764 diakonyspleats; letter mei as postadres Stroek 13) yn 1751 in boer wenne mei doe al de namme Miedema. Moraal-fan-dit-ferhaal: yn eltse ieu en generaasje libje ideeën oer wat bliuwe moat, yn de kontekst fan wat dán ferdwynt. Nei de state no de sate en soms in miede (hjr en dêr al wêr fûgeltsjeslân). Wat bliuwt binne, neist lokkich altiten noch in hiel protte moaie pleatsen, famyljenammen ferbûn oan in buorkerij, terp of streek. It ferhaal oer Wiebe Piers lit sjen dat ôfkomst en identiteit, ta útdrukking brocht yn in toponym, net ophâldt by ien pleats of streek.



De âlde diakonyspleats (ôfbrutsen ca. 1970) op it plak dêr't Wiebe Piers buorke yn 1751, 1763

Noaten:

(1) Kaam de namme Miedema út Grinslân oerwaaien? Dêr wenne 1670-1722 te Meeden in Alle Derks Miedema, waans neikommelingen harren sawol Miedema as Medema neamden (yn: *Mensen van vroeger* 1979:176; sjoch ek H.T.J. Miedema 1965). De mooglik earste Miedema yn Fryslân, yn 1697 neamd yn it proklamaasjeboek fan de stêd Grins, wenne te Holwerd.

(2) Yn 1754 ferkeapet Wiebe Piers, boer te Wommels, 1/8 part fan de helte fan in pleats fan 50 pm ûnder Kûbaard oan (syn styfheit) Gerrit Alberts te Tsjom, sels dan eigner fan ¼ part. Eigner fan ek in 1/8 part is yn 1754 Wybe Ypes (x Akke Piers), mr. timmerman te Tsjom (proklamaasjeboeken Hinnaarderadiel inv. 50, fol. 264 e.v.; de eigners fan de oare helte fan dizze pleats binne de erfgenamten fan 'Grave Moens', wylst as hierder yn 1754 neamd wurdt in Watje [Watze?] Jans. Fierder wurdt Gerrit Alberts, 'huisman tot Miedum onder Tzum' faakris neamd yn de hypoteekboeken fan Frentsjerteradiel; yn 1727 en 1731 mei (x 1^e) Maaïke Jans, yn 1742 en 1764 mei (x 2^e) Hinke Laases, en yn 1750 mei Wijbe Ippes, mr. timmerman te Tsjom (inv. 29, fol. 115, 116, 356, 359 en 365). De Miedema-neiteam fan Wiebe Ypes x Akke Piers [Miedema] wennet letter te Oentsjerk (Vleer 1956).

(3) Jan Gerrits [Miedema] x Trijntje Jans wiene boer en boerin te Tsjom, wêr't hja fjouwer bern krigen: Gerrit, Jan, Maaïke en Rinske. Letter ferhuzen hja nei Jorwert (attestaasje oerskreaun 4/16. 11.1769), wêr't hja noch twa bern krije: Akke en Albert. Yn Jorwert wienen hja boer en boerin op Aarsenburen, wêr't Trijntje kaam te ferstjerren. Dernei ferhuze Jan Gerrits nei Boazum (att. 13/16. 2.1774), wêr't hy boer waard op Yndyk. Dat duorre net lang, want twa jier letter (att. 25.6.1776) gong hy nei Kûbaard wêr't hy wei rekke op 30.8.1776. Oft oare bern as Maaïke (x Rommert Hilbrants Bruinsma, fan Kûbaard en Lollum) harren ek Miedema neamden, moat neier útsocht wurde.

(4) In sprekend foarbyld fan einierde kant binne tichteby de broers Heere en Rienck Epes fan Lollum. Wylst Rienck, yn't earstoan boer op Bonnema ûnder Witmarsum, letter siedkeapman te Boalsert, yn 1617 syn pleats ferkeapet mei behâld fan de 'titel' Bonnema, brûkt Heere, boer op de foarâlderlike pleats Grut-Rysselaardt ûnder (Ruige) Lollum gjin 'titel' of tanamme. Heere's pakesizzer Heere Thijssen wurdt boer te Lutsjelollum (tusken Frjentsjer en Wjelsryp) en pas dy syn neiteam giet him yn de 18^e ieu Risselaarda/Risselada neamen (sjoch ek J. Miedema 1998/1:16). Foar Miedema's, meast pachtboeren, wie it plak fan ôfkomst yn as regel in miede; foar inkelen de pleats Grut of Lyts-Miede in ûnder Hantum, of it doetiidske doarpke Miedum ûnder Ljouwert (Vleer 1956). Mar foar Tsjom binne de mooglikheden wat 'nije' Miedema's oanbelanget net útput. Wie Miedum-ûnder-Tsjom fanâlds in buorskip besteande út trije pleatsen (wêrûnder stim 48), ûnder Tsjom lizze ek de pleatsen stim 53 'Oppermiede' ('Opper Meed' yn 1511/1514) en stim 9 en 11, dy't yn 1640 'Maasterhuys' neamd wurde, ôflaat fan 'Meesterhuys' / 'Meedsterhuys' yn 1511/1514 (Tjessinga 1942) en 'meedsestra Huus' yn 1406, 1438 (Overdiep en Tjessinga 1950). Dus mooglik binne mear Miedema's, werûnder mear persoanen dy't Vleer yn 1956 net thûsbringe koe, ôfkomstich fan Tsjom. NB: Oare Miedema's fan Wommels binne fan de Hartwerder Mieden (Vleer 1956, J. Miedema 1991).

Boarnen:

Algemien: Faf-yndeksen dopen, houliken en lidmaten. Bylagen houliken nei 1811. Autorisaasje-, wees- en hypoteekboeken (Tresoar Ljouwert, CBG Den Haag). 'Billet van Verkopinge' 1962 (argyf H.W. Kuipers, Wommels).

Miedema, H.T.J.

1965 'Genealogie en naamkunde in het noordoosten van Nederland', in: J.H. Brouwer en H.T.J. Miedema, *Studies over Friese en Groningse familienamen*, pp. 29-52. Amsterdam: Noord-Hollandsche Uitgevers-Maatschappij.

Miedema, Jelle

1998 'Terug van weggeweest. Over de herkomst van de Risselada's en hun relatie tot de Brada's van Wommels', *Klaaikluten* 1998/1:16-18.

1991 *Buma Miedema Genealogie. Stamreeks en Stamboom van Pieter Jelles (Nijland 1729 - Hartwerder Mieden 1796)*. (Uitgave in eigen beheer; drukkerij Van der Eems, Oosterend).

2002 'Oer in Huis Struik, in hoarnleger Stuijck en it Stroek te Wommels', *Klaaikluten* 2002/3:8-13.

2003 'Struijck, Struik en Stroek (II). Fia in helling nei in âlde pleats en in âld begraafplak te Wommels', *Klaaikluten* 2003/1:8-15.

Overdiep, G en J.C. Tjessinga

1950 *De rechtsomgang van Franekeradeel 1406-1438*. Franeker: Wever (Utjefte Fryske Akademy).

Tjessinga, J.C. (red.)

1942 *De Aanbreng der Vijf Deelen van 1511 en 1514* (Franekeradeel). Van Gorcum (Utjefte Fryske Akademy).

Vleer, W.Tsj.

1956 Het Miedema-Boek. Genealogisch overzicht van alle Friese geslachten Miedema 1650-1842. Hardegarijp (micro-print).